

God bless American Jack

skreaun as reaksje op de amerikaanske 'war against terror'

refrein: **A** **D** **A** **D** **A** **E7**
hé Jack, wat is der jonge, do bist dysels net mear
 Cis7 **Fism** **B7** **E7**
de flieën ha dy biten en dat docht ferrekte sear
 Fism **Cism** **D** **E7**
ik kin my skoan begripe: wolst dy flieën wol wat dwaan
 A **Fism** **B7** **E7**
mar hoechst dochs elk dy't flieën hat noch net ferrot te slaan?

A **D** **E7** **A**
hé Jack, do bist in beste fint, mar wol wat eigenwiis
Cism **D** **B7** **E7**
it byld datst haste fan 'e wrâld dat sit wat yn 'e tiis
D **A** **D** **A**
do tinkst datsto de sterkste bist, de tûkste en sa mear
D **A** **B7** **E7**
altdy yn alles better en altdy op alles klear
 Cis7 **Fism** **Cis7** **Fism**
elk dûnset nei dyn pipen, watsto dochst is altdy goed
 D **B7** **E7**
mar leau my mar dat set by mannich oaren ek kwea bloed
 Cis7 **Fism** **Cis7** **Fism**
do kinst mei dyn revolvers en gewearen elk wol stean
 D **B7** **E7**
mar wat moatst mei revolvers tsjin de flieën yn dyn klean

refrein:

hé Jack, do slachst ek yn De Klup altdy foar master op
mar wa't om kontribúsje komt, dy komt by dy foar nop
en as wy ôfpraat hawwe: net mear smoke om 't myljeu
dan heakkesto wer ôf, en wier, dat is ferrekte sneu
no moat ik earlik sizze: hast dyn goede kanten ek
doe't buorman ús der ûnder hie, doe sloechsto him tebek
do hast ús doe sa holpen en dat makke ús wol bliid
mar moat wy dêrom no perfoarst ek meidwaan yn dyn striid

refrein: